

Trainee social-mediaredakteur Omrop Fryslân (32-36 oeren wyks)

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en fermeitsje. Dêrmei ferbynt en ferriket de Omrop elkenien dy't him of har ferbûn fielt.

Bisto in kreative tûzenpoat mei in grutte leafde foar fideokontint en sjoernalistyk? Hasto in skerp each foar nijs en witst dat maklik en rap oer te setten nei pakkende fideo's dy't it online-publyk nijsgjirrich 'fêsthâldt'? Dan hawwe wy dé útdaging foar dy, nammentlik in traineeship social-media-redakteur by Omrop Fryslân.

Oer de Omrop of ôfdieling:

Omrop Fryslân is dé regionale omrop fan Fryslân. Mei ús entûsjaste team bringe wy alle dagen it lêste nijs, reportaazjes, eftergrûnen en entertainment út de prachtige provinsje Fryslân. Us missy? Fryslân ferbine troch it meitsjen fan ferhalen dy 't ynformearje, ynspirearje en fermeitsje.

Wurkomscriuwing:

As trainee social-media-redakteur bisto meiferantwurdlik foar it betinken, produsearjen en montearjen fan heechwaardige fideocontent. Do kombinearrest flot en feardich de nijste fideotechniken mei storytelling om meislepende ferhalen te meitsjen dy't oanslute by ús brede publyk. Oft it no giet om in breaking news-item, in reportaazje oer kulturele eveneminten of in djipgeand ynterview, do witst de goede snaar te reitsjen en de sjogger te ynspirearjen. Do wurdst begelaat troch betûfte ferslachjouwers en einredakteuren.

Wat silsto dwaan?:

- Fideocontent meitsje yn oerlis mei de einredaksje.
- Mei nije ideeën komme foar fierdere ûntwikkeling fan it cross-mediale aspekt.
- Yn oerlis mei de einredakteur online de wize fan publikaasje fan fideocontent fêststelle.
- Bydrage oan de fergrutting fan it online-berik fan Omrop Fryslân.
- Do helpst mei by it oanleverjen fan content en/of produsearret sels foar de ferskate online-kanalen foar projekten.

Profyl:

- Minimaal diploma hbo yn de rjochtingen sjoernalistyk, kommunikaasje, media, contentcreator, CMD of yn in ferlykbere stúdzje.
- Oantoanbere ûnderfining mei fideoproduksje.
- Tige goed witte hoe't Adobe Premiere wurket.
- Kreatyf, pro-aktyf en stressbestindich, mei each foar detail.
- Kennis fan Photoshop is in pree.

Wat biede wy?:

- In motivearre en kreatyf team dat bestiet út ambisjeuze profesjonals dy't hert foar harren wurk hawwe, yn in noflike wurksfear.
- Genôch romte om mei te tinken en eigen ideeën yn te bringen.
- In dynamyske en útdaagjende funksje yn in entûsjast team.
- Folop romte foar eigen inisjatyf en kreativiteit.
- In kontrakt foar in jier dêr'tst dy folop yn ûntwikkelje kinst ta social- media-redakteur, mei kâns op in fêste oanstelling.
- Salaris yn salarisskaal F neffens de Omrop-cao en goede sekundêre arbeidsbetingsten.
- In ynspirearjende wurkomjouwing yn it hert fan Fryslân.

Bisto klear om dyn leafde foar fideoproduksje en sjoernalistyk yn te setten by dé regionale omrop fan Fryslân? Sollisitearje dan no. Wa wit ferwolkomje wy dy meikoarten as ús nije trainee social-mediaredakteur.

Fragen:

Wy kinne ús foarstelle datsto fragen hast. Stel se foaral, Stjoer in mailsje nei Social-mediaredakteur Ronald van der Pol: Ronald.vanderpol@omropfryslan.nl

Reagearje:

Hasto sin oan dizze baan? Wês wolkom by Omrop Fryslân en fiel dy frij om te sollisitearjen. Dat kin oant en mei 3 maaie. De petearen binne op 14 maaie. Dyn reaksje kinst maile nei Fokelina de Boer, haad P&O op P&O@omropfryslan.nl. In assessmint kin diel útmeitsje fan 'e proseduere. Wy stean net iepen foar akwisytsjes.